



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LIX nûmer 4

desimber 2010

ISSN 0166-6029

de fuortgong

*och, dat de winter oer dit fryslân, God,
en mannich syn folein'ge libbenslot,
dôch komme mocht yn kleare tsjusternis,
en net yn dize en binauwenis;
net sa helpfallich lyts, biheind fan wrâld,
al slacht it herte traech, al wurdt it âld,
dat dôch de jeld ús hjirre net omklamme,
mei soargesyktmen, dat wy net biskamme,
leech oer de groun in lêste ôfreis sochten
yn kâld swart wetter fan de djippe tochten,
dy't fryslân folle hat, tðfolle Hear!*

*och dat ús fuortgean ienris jimmer mear,
de staed'ge wjukslach en it hege fleanen
oer steile berchtmen, fan de swarte earnen,
of fan greate, wite en wylde swannen hie
yn djippe nachten boppe djippe snie;*

*dat dit ús fuortgean neitiid de forheven flecht
fan fûgels fine mei, yn let mar hecht
bitrouwen dat de fiere fuortgong komt
foarby de winter yn de blauwe romt.*

D.H. Kiestra

Ut D. H. Kiestra mei tekeningen fan M.J. Walta, it jier yn 't roun, Laverman n.v. Drachten 1955

Samlers: foar kopij op papier, Piter Dykstra, Wykwei 4 8434 PG Waskemar; digitale kopij, abma.g@wanadoo.nl Fêste meiwurkers Bertus Postma en Rommert Tsjeardsma. Opmeitsjen en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Einredaksje, dr. G. Abma, abma.g@wanadoo.nl, Plantage Doklaan 13, 1018 CM Amsterdam. Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. Lyts Frisia €7,50, inkeld LF €5.00. Giro 1069535 op namme fan Skathâlder Jongfryske Mienskip, Tj.H.Haisma-strjitte 26, 9251 AV Burgum.



Douwe Hermans Kiestra, fan 1899 te Poppenwier, boer yn de Lege Geaën oan 1967 en yn 1970 stoarn te Raard. Dichter en nei de oarloch dy't syn libben op bysûndere wize stimpele ek proazaskriuwer, útjûn by de KFFB. Debút *Efter it oargel*, 1935. In sober wurdgebrûk is syn wurk eigen, ek in religieuze achtergrûn. Sa yn de *Enc. v/h hedend. Friesland*. Beide fynt men yn dit fers.

De bondel *it jier yn 't roun* is fan nei de oarloch doe't D.H. Kiestra mei al syn wederwaardichheden aardich publisearre: behalve de bondel mei dit fers, trije dieltsjes mei *berimmingen fan de Spreuken fan Salomo*, 1968, en *Blêdswylsel fan it Bolwurk*, 1968. Yn proaza folge: *De bêste simmer*, 1970; *De buorskip*, 1970, en it ferfolch *De toartels*, 1971.

Altyd wurk oer it boerelibben, in lytse pleats en in lyts doarp. De titel *It jier yn 't roun* seit dat de gong fan de seizoenen folge wurdt. Mar fan de yn totaal trettjin fersen binne party kwalik oan it spesifyk fan de tiden fan it jier wijd.

Dit gedicht, it op ien nei lêste yn de bondel, liket by it earste lêzen wat swiersettich, sentiminteel miskien; by nochris lêzen giet der dochs in fynfielen fan ôfwizen fan lytsens fan út en freegjen nei fuortgong yn 'forheven flecht' en 'let mar hecht bitrouwen'. Grif, de minske is bang foar 'soargesyktmen', freget om yn de ein net ta 'dize en benauwenis' te ferfallen, beskamme stean om slimmere 'syktmen', mar de dichter ferhearliket it net. Krekt oarsom. Hy siket, freget, krekt it ûntwyk, de 'staad'ge wjukslach en it hege fleanen'. De flecht nei boppen 'yn djippe nachten en boppe djippe snie', lykas de guozzen dy't Meinte Walta op de blêdside dernêst tekene hat.

Ek yn dit nûmer, gelokkich, de trije fêste meiwurkers B.J. Postma, Rommert Tseardsma en Sytse Hiemstra. Fan de lêste sels twa bydragen. Alle trije, elk op eigen wize, taalwachers op en út. Wat In ferrassing de bydrage fan meiwurker Jan Jongsma oer û.o. it langst libbene lid fan de echte, âlde, autentike Jongfryske Mienskip út 1917, pas ferline jier stoarn. Lês mar. It soe moai wêze as it nochris ta in histoarje fan de Fryske tiidskriften komme koe. Te begjinnen mei *It Jierboekjen*, de útjefte fan it Frysk Genoatskip yn 1827. En dan de rige lâns.

de einredaksje

Us eigen taal (4)

Utgongspunten foar in Fryske taalstandert (3)

Yn de lêste *Lyts Frisia*¹ haw ik hiel wat fan jo/jimme úthâldingsfermogen frege om wat mear gryp (greep?) te krijen op de swierrichheden dy't it standerdisearjen fan it Frysk jout. Men moat ommers oanstjoere op minder foarms en sadwaande in kar dwaan út wat (noch/jitte) Frysk neamd wurde kin. Foarms dy't útgeane op *-ing* (*formulearring*), sa haw ik ferdútst, kinne as meartal *ferklearringen* en *ferklearrings* krije. Soks is net echt handich as men mear ienheid yn de skriuwweise(n) fan it Frysk hawwe wol. En dat soe wol moatte. Taalideologysk en taaldidaktysk kies ik dan foar *ferklearrings*. Fanwegens de gruttere distânsje ta it Hollânsk en omdat learlingen mar ien meartalsfoarm brûke hoege (hoege/hoeve te brûken?). Dy standertfoarm komme se dan boppedat altiten (altid?) op skrift tsjin.

Yn myn eardere stikjes yn *Lyts Frisia* haw ik al 8 útgongspunten neamd foar in Fryske-taalstandert en guon mooglikheden oanjûn om ta foarmreduksje oer te gean. Ik nûmerje sadwaande gewoan troch en bin dan oan punt 9 ta.²

9. In *reduksjemooglikheid* jout ek it konsekwint folgjen fan in Fryske taalregel dy't seit dat wurden dy't oan de ein in stomme of *toanleaze* e (in sjwa [ə]; sprek dy mar út mei de *u* fan *put*) hawwe, winliken altiten in meartal op *-en* krije moatte.³ Sadwaande soe yn geef Frysk *gemeente* dus jimmeroan in meartal op *-n* krije moatte: *gemeenten*. En *binde* ek: *binden*. En sa kin men yn it Frysk better *fitaminen* as *fitamines* ynnimme. Dy *s* fan sa'n preparaat smakket net al te bêst.

De measte 'echte' Hollânsktaligen út de Rânestêd en omkriten kinne de *n* fan wurden op *-en* ('vitaminen') al lang net (mear) útsprekke. Harren taal 'degenerearret' de lêste desennia blykber hurd ferlike mei dy út oare streken. It kinne fansels ek de spraakorganen wêze dy't hieltiten (hieltyd/hyltyd?) minder wurde. Dat is fan dy gefolgen dat se net langer in meartal op *-n* goed ta de mûle út krije kinne: 'mensen' wurdt (mei fonetyske tekens oanjûn): [mɛnsə], 'ziekte' en 'ziekten' wurde ornaris beide as [ziktə] útsprutsen. En wa wit dan noch wat it echte meartal is? Om dat probleem op te lossen en gjin misferstannen te krijen, sette sokke Hollânsktaligen der út need mar in *-s* efter: *gemeentes*. Se moatte dochs wat. Ferlykje *bende-bendes*; *machines*, *vitamines*, *principes*. De Dútsers kinne, lykas de Friezen, de slot-*n* yn har taal wol goed útsprekke: *Gemeinden*, *Banden*, *Maschinen*, *Prinzipien*, ensfh. Dy buortaal (wêrom is 'dizze buortaal' ferkeard?) is noch net oantaast troch it *-s*-firus.

Us Westerlauwersk Frysk (wêrom soe 'ús Westerlauwerske Frysk' in flater

¹*Lyts Frisia*, jrg. LIX, nû. 3.

²Sjoch *Lyts Frisia*, LIX, nû. 1, 2 en 3, 2010.

³Ferl. bgl. P. Breuker e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*. Grins/Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G./ Afûk, 1982, s. 53.

wêze?) hat út soarte mear lêst fan it Hollânsk as fan it Dútsk, dat it *s*-meartal kringt yn ús taal hieltiten (hieltyd/hyltyd?) mear yn wurden dy't yn it Frysk en it Hollânsk fierhinne gelyk binne. Benammen yn frjemde wurden dy't oer it Hollânsk liend wurde. Standerdisaasje op skrift, konsekwint tapast yn de media en yn ûnderwiislearmateriaal is sadwaande as tsjinwicht perfoarst needsaaklik. Ik gean dan ek yn 'e pleit foar it sa rjochtlinich mooglik tapassen fan de Fryskeigen grûnregel dat yn it Frysk de wurden op [ə] in meartal op *-en* krije. Inkelde foarbylden: *pake(n)*, *beppe(n)*, *binde(n)*, *sykte(n)*, *gûne(n)*, *mûne(n)/mole(n)*, *romte(n)*, *fitamine(n)*, *masine(n)*, *gemeente(n)*, *prinsipe(n)*, *kassette(n)*, *rûte(n)*, *opname(n)*, *ûnfoldwaande(n)*, *analyze(n)*, *attitude(n)*, *besite(n)*, *boade(n)*, *boete(n)*, *detektive(n)*, *enkête(n)*, *fakatuere(n)*, *fedette(n)*, *finale(n)*, *halte(n)*, *holte(n)*, *kollekte(n)*, *karrière(n)*, *kazerne(n)*, *lakune(n)*, *makette(n)*, *offerte(n)*, *prognoaze(n)*, *type(n)*, *salade(n)*, ensfh. De ein is net oer te sjen (wêrom is ' net te oersjen' gjin geef Frysk?). Dy foarms soene sadwaande de standertfoarms wêze moatte (sjoch ek ris by it stekwurd 'meartal' yn de foar de Lyts Frisia-lêzer(s) grif ûnmisbere en tige handige skriuwwizer *Mei freonlike groetnis* fan Rienk de Haan).⁴

As it wurdboek (FW, F-N, 1984)⁵ by guon wurden beide mooglikheden jout (bgl. *metoaden/metoades*, *gewoanten/gewoantes*), dan moat men dêr dus mar net oan tajaan en dy rare oanwenst fûl fersmite. It soe in hiel goed ding wêze en skras dy ein-*s* út it wurdboek! Op in pear útsûnderings nei kin men jin dêr grif in hiel ein mei rêde. In foarbyldsje dat soks it net altiten (altyd?) goed slagget, is bygelyks: *file*. As in *file* in stik ark is om hurde stoffen glêd of flak te meitsjen, dan is it meartal *filen*. As *file* lykwols in rige wachtsjende of stadich foarútgeande ferfiermiddels of persoanen is, dan wurdt it neffens it wurdboek *files*. Dat komt grif omdat it oer it Hollânsk liend is. En dy lêste taal hat it sûnder mis wer út it Ingelsk helle. Yn it Ingelsk hawwe suver alle meartallen in ein-*s*. Ingelske *files* kinne sadwaande slaan op ûnderskate saken: op it stikje ark om mei te fyljen, op in liaspinne (pinne op fuotstik om papier op te stekken), op in dossiermap, op in rige fan reau (rydtugen) of in optocht fan minsken. Wer in hiele oare *file*, mei in Ingelske útspraak [fa.ɪl], is in databestân foar de kompjûterferwurking, troch oersetters fan kompjûterbegripen yn it Frysk ek

⁴Rienk de Haan, *Mei freonlike groetnis*. *Skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden*, Ljouwert: Taalbuero Fryske Akademy, 1995, s. 79: "Yn it skreaune Frysk kin men wat langer wat mear merke dat wurden útgeand op it ûndúdlike lûd *-e* te'n ûnrjochte in *-s* ynstee fan *-(e)n* krije yn it meartal: *roedes*, *klassen*, *lingtes*, *stiltes*, *syktes*, *gemeentes*, *kollektes*, *wentes*, *moles*, *purismes*. It wurdboek jout by guon beide mooglikheden oan: *halten/haltes*, *hypotezen/hypotezes*, *gewoanten/gewoantes*, *metoaden/metoades*, *masinen/masines*. It is oan te rieden om yn 'e lêstneamde gefallen in meartal mei *-(e)n* te kiezen; dat jout de minste útsûnderingen."

Fierder konstatare De Haan op deselde side: "Frjemde wurden op *-e* krije ornaris in *-s*: *pendules*, *antennes*, *prinsipes*, *rûtes*, *sênes*. By twa meartallen kin in ferskil yn betsjutting foarkomme: *pianisten/pianistes*, *typisten/typistes*." Salang't der gjin ferskil yn betsjutting is, pleitsje ik foar *gjin* útsûnderings. Yn it Dútsk achtsje wy *Routen* ek 'gewoan' of 'normaal'! Wy hoege de Hollânske 'noarm' op dat stik net te folgjen. En it wurdboek soe dat ek net dwaan moatte.

⁵J.W. Zantema, *Frysk Wurdboek, Frysk-Nederlânsk*, Leeuwarden/Ljouwert/A.J. Osinga, 1984.

wol in *triem* neamd.⁶

10. *Reduksjemooglikheden* jouwe ek de 'frjemde' wurden dy't op *-or/-er* útgeane. By frjemde wurden op *-or* (bgl. 'motor') hat it Hollânsk njonken (neist, nêst?) in meartal op *-s* gauris ek ien op *-en* mei rekking fan 'e o yn *-or* ('motoren'). Yn it Frysk wurde sokke wurden mei *-or* fakentiids redusearre ta *-er*. De meartalsútgong is dêr neffens de grûnregel *-s* (bgl. moters). Wy soene net tajaan moatte oan it ferskynsel dat mei it oernimmen fan it 'frjemde' wurd ek it Hollânske meartal oernommen wurdt (ferl. *motoaren*, *professoaren*, *radiatoaren*, *eksaminatoaren* en *doktoaren*). En benammen net yn learmiddels.

Dat de Fryske staveringshifker dy Hollânske *-oaren*-útgong net ferbetteret (ferbettert?) en it wurdboek⁷ dy ek mei ham en gram oernimt en soms as ienichste talit (*sektoaren* bygelyks), is foar my noch gjin reden om dy net út in (takomstige) Fryske-taalstandert ferbalje te wollen. Wy kinne skoan sûnder dy Hollânske taalfersmoarging. Dat túch der mar út soe Douwe Kalma wol sizze.

Yn in Fryske-taalstandert soene wy ús treflik rêde kinne mei de útgongen op *-or* en *-er*. Dy binne sels betsjuttingsferskillen treast. In 'dokter' (genêskundige) hoecht ommers noch net in 'doktor' (persoan mei de heechste akademyske graad) te wêzen. Sa wurdt, as ik myn sin sis, de standertnoarm it Fryskeigen meartal op *-s*: *motors*, *sektors*, *eksaminators*, *professors*, *radiators*, *doktors*, *dokters*.

Lykas mear 'echte' talen kin it Frysk allikemin sûnder *taaldokters* as it om in goede, lear- en ûnderwiisbere en tagelyk sa 'Frysk' mooglike standert giet. In oare kear fierder oer reduksjeswierrichheden dy't om in oplossing freegje. Der falt noch wol wat te kurearjen. Wy binne der jitte net!!!

Sytze T. Hiemstra

(Bertus Postma)

De steatefraksjes fan ICDA, PvdA, VVD, FNP, SP, KU, GrL

Rju achtbere froulju en manlju,

Doe't se yn Drachten miljoenen op it klead lizze moette soene foar it spoar fan It Fean nei Grins ta, doe hie de grutste riedsfraksje der kokhalzjen oen, dat Versteeg hat wakker op syn politike maten ynpraat om se te bekearen. Ik hie oars lang miend, dat in steatefraksje him bûten it wurk fan in besibbe riedsfraksje hearde te hâlden, mar

⁶Klik foar in wiidweidige list fan kompjûterbegripen bygelyks op: www.fryskebeweging.nl/ferieningfryskûnderwiis/publikaasjes/listfanfryskekompjûterbegripen.

⁷Sjoch bgl. it nije *Frysk Hânwurdboek* fan Pieter Duijff en Frits van der Kuip, Ljouwert: Fryske Akademy/Afûk, 2008.

'Drachten' wiisde oars. En dat komt my wol sa goed út. 'Drachten' iepenet perspektiven yn in saak dy't mannichien de lêste 25 jier heech leit, nammentlik dy fan de plak-en gemeentenammen.

Sûnt 1989 hawwe sân gemeenten de oergong fan ûneigen nei eigen nammen makke; dy fan Grou, Burgum, Wommels, Ferwert, Damwâld, Stiens en Menaam. Yn Drylts hawwe se wol in plaknammebeslút lizzen, mar in riedsmearheid wol it net útfiere. 'Een onwenselijke situatie' skreau steatssiktariske, frou Bijleveld. En yn Frjentsjer wie in plaknammemoasje oannommen, mer doe't it oan it beslút ta wie, skuorden guon foarstimmers it gat der út. Takomme jier sil hiel Frjentsjerteradiel der oer stimme.

Wy - oare helte gie wol gauris mei - hawwe ek yn oare gemeentehuzen west mei in pleit foar har, jim en ús eigen doarpsnammen. Alle kearen wie it lykwols fan 'nee, keapman, hjoed mar net'. De arguminten wiene almeast noch deselde as dy yn de foarrige ieu: 'klanten kinne ús sakelju net fine', 'Hollanners kinne 'die Friesche namen' net útsprekke', se kostje in slompe jild',... Oars, hiene de gemeenten yn 1989 tagelyk mei Grou en Burgum de oergong nei de eigen, Biltske/ Stellingwerfer/Fryske nammen makke, dan hiene se helte goedkeaper út west en der no al 21 jier wille oan belibbe.

Mei fiif soarten kombuorden is it in rommeltsje yn nammelân: 1. ientalich Frysk binne se yn, bygelyks, Ferwerderadiel; 2. ientalich Hollânsk yn de Stellingwerwen; 3. dûbeltalich: a. Frysk ûnder yn Snits; b. Hollânsk ûnder yn Nijefurd; c. Hollansk ûnder yn helte lytsere letters yn Tytsjerksteradiel. It ferskaat is grutternôch, it soe wol wat ienfâldiger meie. Mer om no in stap tebek te dwaan en ús nammen wer te ferhollânskjen is ek mar sawat. By ús starige mar wisse emansipaasje past it ôfskaffen fan de ûneigen nammen better.

Wêrom in stik taalstriid om in pearhûndert nammen? Net earst en meast om it Biltsk/Leechsaksysk/Frysk. It is te rêden om 'e fuortsterking fan ús selsbetrouwen/gefoel fan eigenwearde/identiteit. Yn it Oosterwooldiger gemeentehûs gie it ris oer Kuunder, Lende en Scheene. It riedslid Heijltjes murk dêr by op, dat 'Stellingwarver wetternammen it Stellingwarver selsbewustwêzen te'n goede komme soene'.

De doarps- en gemeentenammen binne in stapke op 'e lange wei fan de besteande ûnlykwichtigens oer de lykweardigens en lykberjochting fan de talen nei it doel fan de reis, nei de lykweardigens en lykberjochting fan minsken en groepen fan minsken mei elk syn eigen taal. (ferl. 'Fan geunst nei rjocht', side 51)

Sûnt 1989 hawwe sân gemeenten har ûneigen doarpsnammen ôfskaft. As it yn de takomst like swier keallet, kriget de lêste gemeente syn bekearing net foar it jier 2060: de measte riedsleden soene har de arguminten fan in ienfâldige Bitgummoolster by de rêch delglydzje litte. Faaks soene se har wol beprate litte wolle fan de politike maten-út-steaten mei hâr arguminten.

Kin net elk fan jim fraksjes ris mei de oan him besibbe riedsfraksjes oer de plak-en gemeentenammen - dy fan de grutte stêden útsein - prate en se de eigen nammen oanprate? Oars as Maurice de Hond syn twingend 'Doen!', is dat in alderminlikst fersyk.

Mei Bitgummoolster achtginge,

KAFEE 'ROM SICHT' (15)



Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Rommert Tjeerdsma

Boate hat de ferwaarming wat heger draaid doe't de mannen deryn kamen. En dat is mar goed ek, want it is klûmsk en ûnlijich waar en út en troch slacht it reinwetter tsjin de glêzen fan de jachtweide.

'It selde resept, tink?' freget er oan Fetse, dy't krekt de wiete jas oan de kapstôk hongen hat en de pet der boppe-op smyt.

'Ja, wat oars, de bearenburch moat my troch dit hjerstwaar hineskuorre,' antwurdet Fetse, wylst er him oan de stamtafel set.

'Aardich beslingere, sjoch ik wol,' gnysket Minne, 'mar ja, ik haw it al sa faak sein, stap dan ek yn 'e auto mei dit waar.'

'Dy pear stappen,' lêbet Watse, 'yn 'e tiid datst de auto út it hok riden hast, kinst hjir wol twa kear hinne rinne.'

'Ja, mar jo bliuwe wol droech,' ropt Minne, 'en dêr giet it yn dit gefal mar om.'

'Do bist gewoan te lui om te rinne,' docht Geart ek in duit yn 't ponkje, 'jou dat no mar earlik ta, want as de sinne heech oan de loft stiet, sitst ek mei de kont yn 'e auto.'

'Het gemak dient de mens,' seit Minne wylst er in fikse slok fan syn miksdrankje nimt, 'ik betelje my blau oan dat ding, dan sil er ek de bealch brûke!'

Fetse nipt swijend fan syn bearenburch en lit it ûnnoazel praat oan him foarbygean. Krekt sa lang oant Geart him yn it petear belûkt.

'Ik ha heard datst dit jier net nei de betinking yn Warns west hast,' mûskoppet er, 'is dat sa?'

Fetse knikt, wylst er it lege gleske op 'e tafel set, 'en ik kom dêr ek net wer, as it net feroaret,' fersettet er.

'Wat hawwe wy no,' laket Watse,

'bist fan dyn *geloof* fallen?'

Fetse giet der rjocht foar sitten en skrabet de kiel. Dan jout er Boate de wink om in farsk slokje.

'Dêr giet neat mear fan út,' stekt er fan wâl, 'it is in nuet en slop spultsje by ús wurden. In pear flaggen en wat grize hollen. In pear sprekkers dy't it poerbêst miene, fierste bêst en fierste leaf. Tuike oan, foaral net ien foar de holle stjitte. It fjoer lôget net mear op, it is in behyplik brandsje wurden, op stjerren nei dea.'

'It is de tiid,' merkt Minne op, 'de jeugd krigest net mear yn beweging foar soks, dy hat oare ynteressen.'

'Oh ja, tinkt dy dat,' spat Fetse op, 'no, dan sil ik dy ris út de dream helpe. As kompensaasje bin ik dit jier nei ús freonen yn Flaanderen west, nei de iizerwake, by Ieper. En ik ha my de eagen útsjoen, dat kin 'k jim wol fertelle. Wat in fjoer en wat in geweldich entûsiasme, wat in *begeisterung* dêr't ik sa'n wurd om sis. En wat in jeugd yn kreaze unifoarmen mei in oranje halsdoek, werklik hûnderten, dy't kleurige krânzen leinen by de monuminten fan ferstoarne Flaamske helden. Tûzenen minsken fan fier en hein, dêr waard my ferteld dat der fiiftûzen oanwêzich wienen. En dan al dy flaggen mei de Flaamske Liuw, ymposant! Nee, it nasjonalisme yn Flaanderen groeit en bloeit as in titelroas yn 'e maitiid, dêr hawwe wy hjir yn Fryslân gjin hânwetter oan.'

De mannen binne der earst suver

stil fan, safolle fjoer binne hja fan Fetse oars net wend.

'Do hast it no wol oer nasjonalisme,' seit Watse, 'mar hjir by ús binne minsken dy't har allinnich by it neamen fan it wurd al deaskrikke. Har hiele libben is harren wiismakke dat nasjonalisme in útfining fan Satan himsels is en streekrjocht út de hel komt. Besykje mar ris om sokken foar de goede saak te winnen, ik jou it dy te dwaan...'

'Ja, dat is wier,' stimt Geart mei, 'hast hjir ek noch altyd eamelders dy't de N út de namme fan de FNP ferwiderje wolle.' It petear wurdt eefkes ûnderbrutsen troch Boate dy't farske konsumpsjes op 'e tafel set.

'Dit hiele ferhaal,' ferfettet Fetse, 'fertel ik jimme om Minne dúdlik te meitsjen dat de jeugd noch net oeral bedoarn is troch hash en popmuzyk. Yn oare lânstrecken binne noch jonge minsken dy't harren ynsette wolle foar it Heitelân en eigen taal en kultuer.'

'No, ik hear dêr fan op,' seit Minne, 'soks sjoch ik hjir noch net barren.'

'Ek by ús binne jonge minsken dy't út geef hout snien binne,' follet Geart oan, 'dêr bin ik wis fan, allinnich hja sliepe noch'

'Dan wurdt it heech tiid dat de wekker ôfrint,' seit Boate dy't de lêste wurden opfongen hat, 'mar nearne net om hearen, eefkes deldrinke soe 'k sizze, want it is hjir ek de heechste tiid.'

Snipers (6)

Nijs fan Taalpost oer de e-mail.

1. De Finske Grienen roppe ymmigranten op om Sweedsk of Finsk te learen, oars ferlieze se subsydzjes.
2. De nije edysje fan *Liet*, it sjongfestival foar minderheidstalen, sil wêze yn Bretanje.
3. Twatalichheid kin helpe dat de sykte alzheimer fiif jier letter útbrekt.

By 1 Doch net ûnaardich. De Finske Grienen is it tinken. Sweedsk of Finsk leare, oars reitsje ymmigranten subsydzjes kwyt. Net mar in frijbliuwend spultsje mar ta de saak. Oan it wurk, de nije taal leare. En oars -. Is it tefolle frege of is it learen fan de taal yn it nije lân foar ymmigranten al rûnom gongber en húsriem. Ek by ús - leare de Hollânske en oare oarstaligen yn ús krite ek de nije taal op straffe fan it ferliezen fan subsydzjes? Wier -.

By 2 Dat *Liet* yn Bretanje holden wurdt, is mooglik al by mannichien bekend. Der stiet yn it berjocht net by wannear 't it wêze sil; ek net oft en watfoar Frysktalige groepen meidogge.

By 3 Dat twatalichheid in seine is, wurdt net altyd en oeral ynskikt. Earder is alris yn 'Snipers' neamd en besprutsen hoe't in wat singulier frommes út de Stellingwerven it Frysk as in straf fan God beskôge en hoe't dêr ien op promovearre is. Ik ha noait rjocht begrepen oft twa- of sels meartalichheid by folwoechsenen – dan giet it dus net oer bern of komplete talewûnders – in foardiel of in handikap betsjut om mear en better as gemiddeld fan ien fan beide of sels beide talen te learen. Is twatalichheid bygelyks in pree by it literêre proses yn ien fan beide of sels beide talen. By dejingen dy't twatalich grutbrocht binne wol it wolris trochelkoar rinne, leart de ûnderfining. Yn alle gefal is twatalichheid in segen as middel tsjin de sykte fan alzheimer dy't it foarkommen fiif jier ferstelle kin. Grif nijsgjirrich as feit, teminsten berjocht. It wurdt jin jûn foar wat it is, op de e-mail fan in achte en betroubere rubryk.

Net twa- mar sels *trijetalich* ûnderwiis is sprake fan yn de digitale *Nijsbrief* fan de Rie fan de Fryske beweging d.d. 6 nov. l.l. Op moandei 1 novimber waard de nije stúdzjespesialisaasje 'trijetalich ûnderwiis' foar pabû-studinten oan de beide Fryske pabû's, dy fan Stenden en de NHL, yntrodusearre. Dipp. Jannewytske de Vries hold in ferhaal. De nije rjochting leit him ta op Fryske les foar studinten by de oplieding fan de skoalmasters mar net minder, ha'k begrepen, op it brûken as fier-taal by it lesjaan yn oare fakken. Minstens ien dei of deidiel yn de wike, net mar in pear oerkes of trije kertier. Cees fan der Meulen pleitet yn neamde *Nijsbrief* foar ekstra prikels om it trijetalich ûnderwiis fuort te sterkjen; hy tinkt dêrby oan mear ynkommen foar studinten/dosinten mei in diploma. Wa wit.

Hiel wat oars. Hjoed, 18 novimber, rûgele in bondeltsje poëzij, *Heechtiid*, fan de ien oktober ferstoane Harmen Wind (Aldeboarn 1945 Doesburg 2010) yn de bus. As dichter yn it Hollânsktalige literêre blêd fan protestantske sinjatuer *liter* haw ik him kennen leard; letter skreau er ek yn it Frysk, sawol fersen as proaza. Yn beide soarten en yn beide talen koe er him, ridlyk útsûnderlik, knap-aardich rêde. Fral *it ferset*, in boek oer de bernejierren en de ferhâlding doe en letter mei syn heit, de op in bepaalde wize ûnhandige timmerman, waard in sukses. Hy wûn er sels de Hollânske NS-publykspriis mei. In eigensoartich talint is betreklik jong ferstoarn.

Fan 't hjerst ferskynden ek twa oare nijsgjirrige publikaasjes. Earst it Hollânsktalige *Terug naar Claercamp*, oer in skiednislearaar oan it fuortset ûnderwiis yn Dokkum. It is flokken yn de tsjerke om yn it L.F-fermidden in Hollânsk boek te neamen. Mar it is no ienris bysûnder genôch om der bysûnder mei om te gean. De haadpersoan rekket ferkocht oan it kleaster Klaarkamp fan de skiere muontsen dat fan 1165 - 1580 yn Rinsumageast ûnder Dokkum stie. Tresoar, Ljouwert, wit der mear fan.

De man krijt it sa slim te pakken dat er him as muonts yn pij klaait – yn Dokkum! – net oan it wiif wol en it kleaster wer opbouwe sil. Dêrta komt sels in echte ynspraaksitting fan de Dantumadielster gemeenterie yn it boek foar. Libbensliif. It prykjende is dat as skriuwer de gemeensikretaris fan de gemeente Dantumadiel opjûn wurdt, dhr. Ton Stierhout. Mocht dat ferhaal útkomme, dan jildt fan him wat Wim Kan alearen fan prins Piter van Vollenhoven sei as se werris in jonge prins krigen: 'Hy kin wol mear as pianospylje, hear.' Skriuwer Ton Stierhout kin mear as gemeente-sekretariswêze, hear.

Fierder is Simen Oetie, *It libben in dream* ynkommen; ek nijsgjirrich en lykas it foarige útjûn fan de bysûndere útjouwerij *Elikser* oan de Oksekop yn Ljouwert. Soe men it boek allinnich neame om't de skriuwer in soan is fan E.S. de Jong silger út Bolsert, propagandist fan de Kristlik Fryske Folks-Bibleteek en yn dy kwaliteit fan grutte betsjutting foar it fuortsterkjen fan it Frysk lêzen en skriuwen. Syn gewicht yn goud wurdich. It boek is oan him opdroegen.

'Roman yn ferhalen' neamt Simen Oetie it, ferhalen dy't foar in part yn oare foarm earder publisearre binne. Mei it begjin net al te nijsgjirrich wêze, as't de skriuwer de wjukken útslacht en út Bolsert weitsjocht, komt er mei kostlike ferhalen. As ambassadeur fan de Kabouters Republyk Amsterdam reizget er nei Kopenhagen. De wrâld is rom en royaal dêr, de offisjele ûntfangst en de ôfrin heechst komysk beskreaun. Lykas de reis fan in goed-wike mei de trein, in foege tsientûzen kilometer, fan Moskou nei Wladiwostok. Ek in moaie beskriuwing fan freonskip kriget plak yn it, sjoen de wize fan beskriuwen, fierhinne auto-biografyske boek.

G. Abma

Fan de yn 1926 yn Ljouwert berne en no yn Snits wenjende Jelle Zwart fer-skynde yn augustus by Utjouwerij Frysk en Frij in mânske fersebondel. Dy hat as titel 'Sân skeppen sâlt'. Yn in folgjend nûmer hoopje wy in petear op te nim-men mei Jelle Zwart oer syn lette debút. Jelle is in omke- en muoikesizzer fan Wouter Zwart en syn frou Pyt Zwart-Ratsma. Dy lêste hat jierrenlang it âldste lid fan de Jongfryske Mienskip west. Se kaam ferline jier op 26 augustus 105 jier âld te ferstjerren. Oer syn muoike skreau Zwart it folgjende fers:

JONGFRIEZINNE - Pyt Zwart-Ratsma (1900-2005)

*Har herteklop
koe al salang
de wize
fan 't ferline
de sang
dy't sy dan song.*

*Noch klinkt
yn simmertiid
har stim
bylâns it wetter
fan 'e âlde krite,
de rop dy't gong.*

*Hoe tichteby
stie har 't eartiids
yn it fannijs
as goed belibjen
in flam dy't baarnt
yn skimerstân.*

*Dy't ljocht skonk,
te ferdragen.
Fêst wie har hân
om jo te
skraagjen.*

De autonomy fan skoallen, Lodewijk Asscher en it Frysk

*Nuvere kop, sille jo as Lyts Frisia-lêzer wol tinke. Wat hat de autonomy fan skoallen no mei Lodewijk Asscher te krijen? En hat waarnimmend boargemaster Asscher fan Amsterdam wat mei it Frysk?*⁸

Ik wit net oft Asscher wat mei it Frysk hat. Dat soe moai wêze, want wy koene sa'n flinke bestjoerder yn Fryslân grif wol brûke. In alle gefallen hat er wat mei de autonomy fan skoallen. Of winliken mei de trochsketten autonomy fan skoallen. Of noch better: mei de trochsketten autonomy fan de skoalbestjoerders.

Sytze T. Hiemstra (skriuwer FFU)

Ik haw sels it ferbân mei it Frysk lein doe't ik in stikje oer him lies yn it *Onderwijsblad*.⁹ en it Fryske lid fan de *Stjoergroep Hoekstra*, boargemaster M.C.M. Waanders fan Dongeradiel, it op in kongres oer it Frysk yn it fuortset ûnderwiis oer de Fryske skoalbestjoerders hie en har hâlding as it om it plak pak fan it Frysk yn it ûnderwiis gong.¹⁰ Dat wiisde net botte fleurich.

Trochsketten skoalbestjoerders

Ynformeel wisten wy dat by de *Feriening Frysk Underwiis* fansels al lang. Mar it waard no swart op wyt set troch in wichtich lid fan in wichtige *stjoergroep*, in lid fan in ploechje pommeranten dy't de opdracht meikrige hiene om te besjen hoefolle rykstaken oft der foar it Frysk nei ús eigen provinsje oerbrocht wurde koene. Ut soarte hie de stjoergroep it ear yn 'it fjild' te harkjen lein. En kaam sadwaande ek by ús *skoalbestjoerders* te lâne.¹¹ En harke mei ynmoed nei harren skel, falsk, heech en twingend lûd.

Nei harren rop om eigen baas te wêzen en te bliuwen. *Autonomy* neame se dat sels.

Wat wy mear 'offisjeus' al lang wisten, is dat nochal wat skoalbestjoerders, as de kniper op de skine komt, net safolle fan it Frysk hawwe moatte. Yn it geunstichste gefal bewize se ús taal wat ljippetsjinst. Mar wat dwaan? Leaver sette se de hakken yn it sân. 'De *automie* van het onderwijs moet uitgangspunt zijn', is harren betinken neffens de powerpointprissentasje fan frou Waanders. Wat soene de bestjoerders mei har rop om 'autonomy' no krekt bedoele? Dat liket my helder en klear: oaren moatte har mar net bemuoie mei it Frysk op de skoallen. Dat is te lestich. Dan kin de grutte 'ferdwyntruk' net mear tapast wurde as it om it Frysk giet.

De bestjoerders fan it basisûnderwiis joegen nochal heech fan harsels op: 'Op veel fronten werkt het PO aan kwaliteitsverbetering en professionalisering. Scholen moeten zelf nagaan wat voorrang moet hebben'. Se bedoele, as men goed tusken de

⁸Dit stikje is skreaun ein juny 2010.

⁹Gaby van der Mee, "Lodewijk Asscher over zijn eigen schoolstrijd met besturen. 'Ik heb niet het geduld te wachten op regels uit Den Haag'", *Onderwijsblad*, nû. 7, 10 april 2010, s. 28-30.

¹⁰*Decentralisatie taken en bevoegdheden Friese taal en cultuur. Doel en middel*. Ljouwert, Provinsjehûs, 15 maart 2010, powerpointprissentasje.

¹¹By in harksitting op 16 oktober 2009; dêr wiene benammen bestjoerders fan it primêr ûnderwiis.

rigels lêst, winliken: wy binne mei fan alles en noch wat yn ús skoallen oan de gong, mar leaver net mei it Frysk. Of leafst net mei it Frysk. En dat soe ek mar moai sa bliuwe moatte.

De bestjoerders klagen boppedat oer de regels. Dy moatte it leafst *frijbliuwend* wêze. 'Niet meer gedwongen regelgeving; minimum is de uitvoering en handhaving van wat nu wettelijk is voorgeschreven', fertelden se oan de stjoergroep. Wat se echt tinke, is grif: der moatte net mear wetlike regels komme foar it Frysk dy't *ferplichtings* jouwe. En benammen gjin ferplichtings foar it Frysk dy't goed te *kontrolearjen* binne. It minimum oan wetjouwing foar it Frysk is no winliken al tefolle. Wat minder regels op dat stik wat better.

Sokke bestjoerders fregje derom om flink op har soademiters te krijen. Sokke benypte kweageasten mei sa'n hâlding hawwe der jierrenlang foar soarge dat fierwei de measte skoallen yn Fryslân noch altiten *swak* of *tige swak* binne as it om it Frysk giet. Wy, en dan haw ik it oer de *Feriening Frysk Underwiis*, wolle dat oars hawwe. Mar dat wisten de measte *Lyts Frisia*-lêzers grif wol. En as ik my fersin, dan kinne se altiten noch ús webstek rieplachtsje.¹² Hoe't it neffens ús wol mei it ûnderwiis yn it Frysk moat, hawwe wy opskreaun yn ús *Oanfalsplan Frysk* (2008).¹³

Hoe't it aanst komt as ús eigen provinsje werklik wat te sizzen (foech)

¹²Us webstek: www.fryskebeweging.nl/FerieningFryskUnderwiis [trochklikke]

¹³S.T. Hiemstra (einred.) e.o., *OANFALSPLAN FRYSK. Nei in fersterking fan de posysje fan it Frysk yn alle maatskiplike domeinen*. Drachten/Ljouwert, 2008 (2de pr.), 100 siden; oan te klikken op ús webstek (sjoch noat 12).

¹⁴It rapport mei de advizen fan de Stjoergroep Hoekstra is yn juny 2010 noch net buorkundich makke.

¹⁵Deselde dy't yn 2008 as steatsekretaris nei De Haach gong en letter boargemaster fan Rotterdam waard.

kriget oer it ûnderwiis yn it Frysk, wit ik op it stuit noch net.¹⁴ Mar it soe moai wêze as de 'kwaliteitsverbetering en professionalisering' fan it ûnderwiis dan echt ôftwongen wurde koe. En dan net foar alle mooglike en ûnmooglike doelen en aktiviteiten, mar foar it Frysk. Leafst in jiermanlich *allinnich* foar it Frysk. Dêr is it nei mear as hûndert jier skoalstriid foar ús eigen taal hurd oan ta. De bestjoerders en har skoallen hawwe hiel wat yn te heljen. De kommende jierren hawwe se mear as klauwen oan it suverjen fan har gewisse.

Lodewijk Asscher

En no werom nei Lodewijk Asscher. Eigentlik hied er as wethâlder fan ûnderwiis yn Amsterdam allinnich wat te sizzen oer de *skaalgebouwen*. Amper foech dus. Dochs bemuoide er him fanatyk mei it ûnderwiis op swakke skoallen. Lykas ús stjoergroep fûn er ek dwerse bestjoerders op syn paad. Hampelmannen dy't fûnen dat er him nearne mei bemuoie mocht. Lykas wethâlder Aboutaleb¹⁵ woed er lykwols mear wêze as 'wethâlder fan skaalgebouwen'. Mar dan moasten der fansels wol bettere regels út De Haach komme, sa ornearren beide pommeranten.

Dêr koe en woe Asscher net op wachtsje as tûzenen bern net it ûnderwiis krije dêr't se neffens him rjocht op hiene. Skoallen koene mei

him dus in kontrakt ôfslute wêrby't se ekstra jild krige om harren ûnderwiis te ferbetterjen.¹⁶ Tagelyk stelde er dêr *hegere* easken oan as dat de yn-speksje die. Asscher fûn it healwiis dat der net folle oan dien wurde koe as bestjoeren in ferkearde mentaliteit hawwe. Dat se wol de hân ophâlde en wol jild út De Haach krije om har ûnderwiis te 'ferbetterjen', mar dêr winliken gjin ferantwurding fan ôf hoege te lizzen: "Behalve dat ze wat papieren naar Den Haag moeten sturen. Dat vind ik absurd. Vorig jaar november heb ik de prestaties van de basisscholen openbaar gemaakt. De besturen vroegen toen aan de minister om dat te verbieden. Een heel ouderwetse reactie: je mag dus niet laten zien wat er met het belastinggeld gebeurt. Ik kreeg van de minister per kerende post te horen dat het in orde was, maar ik vind dit symptomen van een systeem waarin de autonomie is doorgesloten. Autonomie was indertijd het antwoord op verkeerde bemoeizucht van de overheid. Daarnaast is er de traditie van de non-interventie van artikel 23 (*frijheid fan ûnderwiis*, sth). Maar het kan nooit een excuus zijn om slecht onderwijs te geven." (s. 29)¹⁷

En sa is it mar krekt. Likegoed as it om min ûnderwiis yn ús eigen taal en kultuer giet. Dat heart ûnderwiis

fan it boppeste buordsje te wêzen. *Gjin* of *min* ûnderwiis yn it Frysk as fak en mei it Frysk as fiertaal kin op gjin inkelde wize goedpraat wurde. En de needsaak om dat te feroarjen mei gjin 'autonome' ôfwar-refleksen oproppe. Dat moat ús bestjoerders dus ôflearde wurde. Mei straffen en beleannings. Skinner wist it wol. En dan kin it net oars of ús eigen provinsjale oerheid moat anst it foech hawwe om *effektive sanksjes* op te lizzen as dy kwantiteit en kwaliteit útbliuwe.

It Frysk

Goed ûnderwiis yn it Frysk is ús natuerlik rjocht. En it is de djoere plicht fan bestjoerders om dat te leverjen. En betelje Friezen ek net likegoed belesting? It Frysk heart dus ek om dy reden net oan it efterste oer te lizzen. En fansels, de risseltaten fan dat Frysktalich ûnderwiis moatte *objektyf* en *betrouber* metten wurde. En dêrnei iepenbier makke: 'Barbertje moet maar hangen', as der amper wat prestearre wurdt. Jo sjogge it: en, en, en, en ...

En Lodewijk Asscher? Dat is dus in man nei ús hert. Lykas hy akseptearret de FFU gjin ferlechjes. De FFU striidt foar goed trijetalich ûnderwiis en foar gâns *ferplichte* ûnderwiis yn it Frysk, yn alle skoaltypen, yn alle

¹⁶Ferlykje ek de aktiviteiten (projekten) dy't de Provinsje subsidiearret op grûn fan de troch Provinsjale Steaten fêststeld ûnderwiisnoata *Boppeslach* (novimber 2006); benammen de *Uitvoeringsregeling van 3 juli 2007, houdende regels betreffende subsidiëring van activiteiten op het terrein van cultuur, taal en onderwijs* [*Uitvoeringsregeling projectsubsidies cultuur, taal en onderwijs*], laatstelijk gewijzigd op 13 oktober 2009.

¹⁷Neffens de *Ljouwerter Krante* fan 21 juny 2010 kaam Lodewijk Asscher ek yn it nijs mei it útstel om 'lokjoden' yn te setten om antysemitysk geweld tsjin te gean: "Het past in zijn voornemen om te kijken naar onorthodoxe maatregelen om het geweld tegen joden en homo's te stoppen. (s 1)". Neffens in wurdfierder fan Asscher yn *NRC Handelsblad* fan 25 juny, 2010 (s. 3): "Het past in zijn voornemen te kijken naar onorthodoxe maatregelen om het geweld te stoppen waarbij discriminatie in het spel is". Wêrom soe der yn Fryslân net neitocht wurde moatte oft dêr ek net ûnotterdokse maatregels te betinken binne om de diskriminaasje fan it Frysk en de Frysktaligen te bekampjen en it Frysk yn de (measte) skoallen (gâns) better op "e kluten te helpen?"

klassen en foar jong en âld. Mei in effektive *kontrôle dêrop*. En fansels: *ferplichte eksamens!* Us skoalbestjoerders moatte (ek) mar omstean leare!

Mei stipe fan jo kinne wy dêr wat oan dwaan. Helpe jo mei? Dat soe Douwe Kalma grif ek dien hawwe, as er noch libbe hie.¹⁸

--- o O o ---

Oan de Haadredakteur fan de Ljouwerter krante

Achte Snijder,

Neffens de krante fan 25 septimber sil de redaksje tenei de offisjele gemeente- en doarpsnammen skriuwe en de sûnt 1996 al besteande, no sa njonkelytsen ek ynboargere, eigentalige lânsnamme. Men kin der wakkere wiis mei wêze dat de nammejouwing haadredaksjoneel mienen en tinken wurden is. Yn it neikommende woe ik noch ien en oar oer de oergong Hollânsk-Frysk fan de ierdrykskundige nammen 'sizze'.

Jo soene yndertiid op mear as ien plak mei de lêzers prate oer wat har tocht fan ús lân – doe noch Friesland te jowes – en fan de krante. (LC 15 febrewaris) Jo soene nei Surhústerfean ta en nei Drachten en as lêste nei St. Anne ta. Oan It Bilt binne jo lykwols net takommen en dêre, foar my tichtstby, hie ik mei jo prate wollen. Ik woe mei wat kranteknipsels bewiis leverje fan de nammegriemerij fan de redaksje. It moat no mar koarter om 'e hoeke en skriftlik. Wat foarbylden:

- 1. Doarpsnammen. It wie noch geregeldwei fan Beetgumermolen, Berlikum Cornjum, Damwoude, Dronrijp, Veenwouden, ensamear. Guon fan jo folk wisten net iens fan De Westereen.*
- 2. Wetternammen. Dokkumer Ee, Fluessen, Hegemermer, Sneekermeer (De Snitsermar, It Snitser Mar) Goaiingarypster Puollen wie foar suver alle krantskriuwers in te slimme namme.*
- 3. Lânsnamme. Jo foargonger woe amper wat fan Fryslân witte. Syn folk mocht allinnich mar yn bestjoerlike saken dy namme brûke. Mar it rekke yn de nammebringst fertize en skreau gauris fan Friesland, dêr't neffens de haadredaksjonele regel Fryslan stean moatten hie. Op 't lêst waard ús eigentalige lânsnamme sa goed as wei.*

En no, nei fjirtjin jier fan Strideraasje tusken krantemacht en lêzersûnmacht, achtsje jo Fryslân in sa njonkelytsen wol ynboargere namme, dy't jo tenei ek sa 'staverje' litte sille. Lykwols lykje jo redakteuren der net yn mei te gean, fan har bekearing is yn de krante teminsten noch neat te fernimmen. Suver as in deasûnde kaam de reklame my oan fan sa'n 0.22 kante meter: fifyris stie der yn ûnbidich grutte letters it ferâlde Friesland yn. (LC 3 oktober)

¹⁸Sjoch ris op ús webstek: www.fryskebeweging.nl/FerieningFryskUnderwiis. En klik dan ek ris ús *Oanfalsplan Frysk* oan, bgl. by *Aktiviteiten & Brieven 2010*, útgien 29-03-2010. Jo kinne ús ek skewiele troch stiper te wurden foar € 10 jiers. Opjaan: ffupost@hotmail.com

Yn 1989 die de Ljouwerter jin te witten, dat er him oan de offisjele plaknammen yn Boarnsterhim en Tytsjerksteradiel hâlde soe. Mar in meidieling oan de lêzers dat de krante him oan de like offisjele wetternammen hâlde soe, woe Mulder yn 2006 neat fan witte. De Dokkumer Ie soe wol ivich fan Dokkumer Ee bliuwe, De Snitser Mar lyksa fan Sneekermeer.

Yn jo 'Een betrokken krant' fan 25 septimber hiene jo it mei gjin wurd oer ús eigentalige wetternammen. En fan myn ynstjoerd stik yn de krante fan 30 septimber wie de lêste sin skrast (Spitigernôch hie Snijder it net oer de nammen fan de marren en puollen, fearten en sleatten, sa't dy yn maart fan 2006 yn in steategearkomste fêststeld wiene). Wat it wurde sil mei ús Eeltsjemar en Bitgumer Feart, ensa?

De lidsteaten fan de Rie fan Jerope binne fan betinken, dat de beskerming fan minderheidstalen bydraacht ta it bewarjen en de ûntjouwing fan de kulturele rykdom en tradysjes fan Jerope. (Ut de ynlieding fan it Jeropeeske Hânfêst foar lytse talen) Us folksfertsjintwurdiging, dat is hiele Fryslân, draacht mei syn Fryslân en Goaiïngarypster Puollen by ta it Jeropeeske kulturele ferskaat, jo krante keart mei syn ferâlde nammen in stikje Jeropeeske ûntjouwing. Dyselde lidsteaten binne lyksa fan miening, dat de beskerming en fuortsterking fan lytse talen in foarname bydrage leverje ta de opbou fan in Jerope mei syn fûnemint fan demokrasy en kultureel ferskaat. (Ut dyselde ynlieding) My tinkt, dat de Ljouwerter net ús lytse minderheidstaal beskermet en fuortsterket, mar de grutte mearheidstaal, dat de Ljouwerter mei syn net meat besteande Friesland en Fluessen de opbou fan Jerope ûnderstek docht.

De krante sterket frije en lykwichtige – harmonieuze, yn de Hollânske tekst – ûntjouwing fan it Fryske njonken it Hollânske elemint fuort, troch Frysk en Hollânsk neistinoar te skriuwen en omtinken te jaan oan ûntjouwing(...) Op it mêd fan de Fryske njonken de Hollânske taal en kultuer. (Ut de redaksjeynstruksje) Past de oergong Friesland-Fryslân net krekt by dy fan, bygelyks, Roordahuizum yn Reduzum en Tjeukemeer yn Tsjûkemar? Is Friesland-doe-Fryslân-no net sa evenwichtich as it mar kin?

Men wie wol wiis mei jo tasizzing, dat de krante tenei Fryslân skriuwe soe ynstee fan Friesland. De nije namme pronket yndie op mannich side boppe-oan. Mar likegoed tilt de Ljouwerter noch fan de ôfskaft, Hollânske, ierdrykskundige nammen, en dat ta argewaasje fan Friezen en betizing by ientaligen en nijynkommelingen. Soene jo ien en oar noch rjochtbreidzje wolle?

Mei Bitgummoolster achtinge,

Wy hawwe noch gjin nije foarsitter of skathâlder fûn, dat it is noch ûnwis oft *Lyts Frisia* takomme jier wol útkomme sil. Mar as wy trochgean moatte wy wol it lês- en lidmaatskip-jild mei € 2,50 ferheegje. Fan it lêsjild dat wy oant no ta frege ha, kinne wy 'Lyts Frisia' ek net mear útjaan. It lidmaatskipsjild wurdt dan € 10 en it lêsjild € 7,50.

Wy kinne fansels ek net trochgean sûnder jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it maartnûmer moat dat ynstjoerd wurde foar 1 febrewaris nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Plantage Doklaan 13 1018 CM Amsterdam, E-meel: abma.g@wanadoo.nl. Foar mear ynformaasje: Jan Jongsma, tel. 0511-463869.